


Op syn Feensters*

[Kollum yn dielen ferskynd op www.frisistyk.nl (6 maaie, 3 juny en 10 july 2025)]

Reitze Jonkman (fan Nijskoat)

Nei oanlieding fan

[Willem Winters, *Ut Feensters; hoe staat het ervoor*. Leeuwarden 2006.](#)




Boekomslach Ut Feensters

In alderaardichst boekwurkje (13 by 13 sm., 26 s.) fûn ik op myn sneuptocht nei boarnen foar dizze kollum oer it Hearrenfeenster dialekt: *Ut Feensters* fan de mearsidige Willem Winters. It is in lytse *fundgrube* foar ien fan de opmerklikste dialekten fan Fryslân én fan Nederlân. Winters wit as net-taalkundige bûten it ramt fan de frisistyk/nearlandistyk om op in sjoernalistike wize in ynformatyf oersjoch del te setten, wêrby't er net alles yn allerhanne jargonfekjes triuwt.** In soad fan de boarnen dy't ik hjir brûk, komme fia Winters, mar ik sil it as frisist/nearlandist besykje om it dialekt fan It Feen al yn in algemiener histoarysk en taalsosjologysk ramt te setten. Ien fan dy fekjies is it kategorysearjen fan dizze taalfariëteit mei 'Stedsk light', in namme yn de geast fan 'flekke'; in grut

doarp dat net oan de stedsstatus takommen is. Dat *unvolendete* bliuwt ek oan de taal hingjen. As der al wat oer skreaun wurdt, dan bestiet der grutte twifel om it mei ‘Stedsk’ te beneamen. Yn it earste stik presintearje ik in koarte histoaryske skets dy’t ynsjoch yn de kontemporêne kontekst jaan moat. Yn it lêste stik wurdt nei de taalsosjologyske en taalkundige kant sjoen.

Iermoderne tiidrek: begjin fan it plak en syn taal




De oprjochtingsakte fan de Schoterlandsche Veencompagnie út 1551*** yn Museum Heerenveen

Oan it begjin fan It Hearrenfean *as plak* gong in belangrike oerienkomst foarôf: de oprjochting fan de Skoatterlânske feankompanjy fan de hearen Van Dekema (fan Jelsum-Ljouwert), Van Cuyck en Ffoeyt (beide fan Utert). Dat betsjut net dat *'t vleckje Heerenveen* der op datselde stuit samar ynienen wie; it soe pas desennia letter as in feankoloanje ûntstean tusken Opperbant (Terbant), Niehasck (Nijehaske) en Aldeschot (Aldskoat) yn.



Detail kaart *Leonardiens describ.* ('Pauwekaart') út 1579 troch Sibrandus Leo

De namme [de/'*Sheerenfeen* ('t feen Fan de heeren)**** mei dan aardich gau húsriem wurden wêze, - want dy stie mei syn âldste atestaasje al yn 1579 op de kaart (rjochts fan it moerasstreamke de Dracht) - , mar dat wie nêt foar it *plak* sels mar foar it (*fean*)gebiet yn algemiene sin (sjoch de saneamde Pauwekaart fan Sibrandus Leo út 1579: ferlykje de gruttere letter fan *Seuen*: [wolden] mei dy foar in plaknamme as *Niehasck*). Der wie blykber noch gjin of net safolle bebouwing dat der sprake wie fan in echte delsetting. Histoarikus Dick Bunscoeke hat op grûn fan argyfdata de begjinsituaasje om 1550 sketst sadat der in foarstelling te meitsjen is fan dat gebiet mei wetterwegen (de trochlutsen lyntsjes links), fearten (ûnderbrutsen streek: de doe groeven Hearresleat en de Skoatterlânske Kompanjonsfeart), markes (blau) en greppels (fjouwerkantige dûbele streek ûnder). Ergo: gjin omstannicheden om fan in wenplak út te gean.



Dat der yn dy tiid al in begjin fan bebouwing west hat, kin ôflaat wurde fan de oantsjutting fan ‘Schoteruitburen’ út 1580, it waard noch as in ûnderdiel fan Aldskoat sjoen. Earst op de kaart fan 1595 fan de soan fan dy kaartemakker út 1579, Leo Sibrandus, kaam de plaknamme THEERENFEEN like grut as SNITZ, ILST, SLAET, LYOWERT, ensfh. op de kaart te stean. Omstannichheden lykas it begjin fan de 80-jierrige oarloch hawwe nei alle gedachten de opbou fan it plak yn de sechtjinde iuw fertrage. De skiedskriuwer fan Fryslân Pier Winsemius (1586-1644) neamde ‘t Heerenveen yn de *Chronique ofte Historische geschiedenis van Vrieslant* fan 1622 noch net iens as ien fan de doarpen fan Skoatterlân, mar seach it as in ‘Buurte’ en ‘Fleck’. Hy is dêr oars om ekonomyske redenen wol hiel posityf oer:

De grietenye [Skoatterlân is] in ’t Heerenveen voor twee darde parten gelegen / seer lustige ende beboude *plaetje van groote neeringe ende handel* / twelck meerendeels in turf bestaet / die met groote mennichten in Hollandt / Vvtrecht ende Overysse, uyt het Heerenveen ghegraven / ende te schepe ghevoert wort. (...) Deze Veenen (...) twelck in tijde van gravinghe meer als daghelijcks met duijsendt persoonen bearbeybeydet wort / die *uyt den Drenthen en de Ommelanden* aldaer coomen, ende haer rijckerlijck erneren tonen [consumeren]. Daerom het Vleck Heerenveen oock *seer aenwascht* ende toeneemt in neeringhe ende welvaren / alsoo dat in den jare 1620. daermeer als 25000 guldens op een Jaer verbout zijn. Het Vleck Heerenveen heeft oock een Weeckmerckt op een saterdach/alwaer van *Leeuwarden, Boldwert, Sneeck ende andere plaetsen*/ vele Cooplieden met hare waren comen / behalven de Cooplieden vande naesthelegene Grietenyen. ([Winsemius Schoterlandt](#)) (myn kursivearring)

Winsemius ferwiisde ek nei 1551 doe’t Van Dekema-en-dy úteinsetten om de feangrûnen (‘weeck morasch’, ‘Clijj’ en in ‘groot buijcklich Meer ofte water’) yn in winstopsmittende feanterij om te setten. Begjin santjinde iuw set de groei troch migraasje fan relatyf grutte oantallen minsken fan bûten Fryslân (Drinte en Grinslân) yn; it Feen ûntjout him yn frij koarte tiid ta in dynamysk en suksesfol doarp mei hannelskontakten mei de gruttere Fryske stêden. [Histoarikus – en ek âld-Feenster – Dick Bunscoeke](#) typearret it as in “boomtown” (Veenbrief 1997, 1: 5-12).

Mear as in iuw letter wurdt der oer de iuw dêrnei, yn de earste helte fan de achttjinde iuw, in frijwat sjovinistyske mar [wol plausibele beskriuwing](#) jûn troch de âld-Feenster [Schouwen](#).

KORTE
BESCHRYVINGE
Van't Beroemde Vlek
HEERENVEEN

Korte Beschrijvinge Van 't Beroemde Vlek
HEERENVEEN (s.15)

't **H**eerenveen (ook wel *Het Veen* door verkortinge genoemd) is voortyds een *Buurt* geweest, dog tegenwoordig een groot, aanzienlyk en zeer neringryk *Vlek*, en door de gestadige doortogten uit *Friesland* na *Drenthe*, *Overyffel* en verders na *Utrecht*, *Gelderland* en *Holland*, over al bekend.

(s.20)

In den tyd van het turfgraven omtrent het jaar 1620. hebben 'er dagelyks over de duifend menschen, uit *Drenthe* en de *Ommelanden* van *Groningen* daar gekomen, aan gearbeit, die 'er zig rykelyk generen konden. Daar door nam het *Vlek* al in dien tyd zeer veel toe, gelyk in dat zelve jaar 1620. over de vyf- en- twintig duifend guldens wierden vertimmerd; en is naderhand door de gestadige doortogt en groote nering zodanig aangebouwt, en in alle welvaart toegenomen, dat het de grote gekregen heeft van een middelmatige Stad; zynde niet alleen doorgaans met fraije Burger-woningen digt bebouwt; maar zelfs zyn daar ook verscheide zeer aanzienlyke Heeren-huizen gestigt, als van *Oenema* (nu *Grovefins*, *Crack* (nu *Bouricius*) en nog een ander van *Bouricius*; twee van *Scheltinga*; een van *Sikkinga* (nu *de Jong*) en *Heloma*;

(21)

van de welke de twee eerste met *Torens* zyn gebouwt, dat geen kleine cieraad aan de Plaats toebrengt; zynde deze heerlyke gebouwen doorgaans de woningen geweest van *Grietsluiden* en andere Heeren van Distinctie.

Als men nu het *Vlek* van de Zuidweste kant aanschouwt, vertoont het zig, met *de Knype* ter regter, ende *Heeren-wal* en *Bandster Schans* ter linker zyde, als een zeer wyd uitgestrekte Stad, vereiert in 't midden met drie fraije *Torens*.

(22)

maar ook met een *Weekmerkt* op alle *Zaturdagen*, die zeer considerabel is, en wanneer 'er een zeer grote toevloed is van *Menschen* uit verscheide *Friesche Steden* en de rondom leggende *Dorpen*, en toevaar van allerhande waren, zynde alhier ook het *Wage-regt*.

Op deze *Week-merkt* komen als dan niet alleen regulier de *Veer-Schepen* van de *Steden* *Leeuwarden*, *Sneek*, *Bolswart*, *Workum*, *Ylst*, *Stavoren* en verscheide *Dorpen*; maar ook zeer veele *Wagens* meest geladen met rogge en boekweit, dat dan met *Scheepen* wederom wort verzonden. Het getal van deze *wagens* is in de herfst dikwils van drie tot vier honderd. Zoo dat deze week-merkt by uitsteekentheid zeer veele *Steden* overtreft; want buiten en behalven de grote kwantiteit granen, zoo even aangeroert, steekt niet weinig uit de zeer aanzienlyke *Vleeschmerkt*, dewelke, om het groot debiet en 't gemak der *Burgeren*, *Buitenluiden* en *Vreemdelingen*, 5. à 6. maanden lang word gehouden.

Het heeft verscheide en zeer reguliere *Veer-Schepen* op de *Steden*. als *Amsterdam*, *Groningen*, *Sneek*, *Workum* enz. De *Post* passeert 'er ook 's weeks tweemaal door na *Zwol*. Dit

(28)

Dit *Vlek* dat niet zeer oud, en alwaar voor ontrent 150. jaren aan de Zuid-westerhoek van de Valbrug het eerste Huis gebouwt is, is gelegen aan een plezierigen Landsdouw, byzonderlyk ten Zuid-oosten, alwaar men een groot half uur gaans van het *Vlek* heeft de Heerlyke Lustplaats van zyn Hoog-Vorstelyke Doorlugtigheid den Heere Prince van Orangien en Nassauw, Erf-Stadhouder van *Friesland*, Stadhouder van *Gelderland*,
Gro-
* Sie Aitzema zaken van Staat en Oorlog 2. Boek Blad. 123.

(29)
Groningen en Drenthe enz. enz., genaamt het *Orangie-woud*; welke Princelyke Plaats, om desselfs Heerlyke Huisfinge, schone Lanen of Alcés, Bofschagie en aangename wandelingen, uitsteekende Orangerye enz., zeer vermaart is, en in de Somer door de Vreemdelingen gestadig bezogt word.

vrugge nand,
Ons 't * *Friesche's Gravenhaag*, zoo loff'lyk heeft beschreeven,
Lang leev de *Grietman*; en lang moet den Schryver leeven.
* 't Heerenveen wort dikwils het Haagje ge-naamt.

Johannes Franciscus Schouwen 1727

Schouwen heakket - op wat wy al troch Winsemius witte - noch mear ynfloeden fan bûtenôf ta. Op de 'Week-merkten' kamen nammentlik net inkeld de fearskippen fan de Fryske stêden, mar ek dy fan Amsterdam en Grins. 'Zoo dat deze week-merkt by uitstekendheid zeer veele steden overtreft (...), want buiten en behalven de grote kwantiteit granen (...) steekt niet weinig uit de zeer aanzienlyke Vleeschmerkt, de welcke om het groot debiet en 't gemak der Burgeren, buitenluiden en Vreemdelingen 5. á 6. maanden lang wordt gehouden.' De nammen 'Friesch 's Gravenhage' en 'het Haagje' (en yn in gedicht sels 'Friesch Atheen'!) yn de santjinde iuw jouwe oan dat de Feensters doe al net te min oer harsels tochten. De skeldnamme [Poehanen](#) hat dêr fansels alles mei te krijen...


Oer de taal fan de flekke waard net skreaun, mar fanwegen it neamde komôf fan de ynkommen minsken fan bûten Fryslân en dy fan de ûntfryske stêden yn Fryslân (en it feit dat Leo Sibrandis yn 1595 yn tsjinstelling mei û.o. *Snitz* gjin Fryske namme oan *Theerenfeen* joech?) sil dat it sprutsen dialektale Nederdútsk fan dy tiid wêze, sa't dat ek yn sosjaal hegere rûnten en stêden fan Fryslân praat waard. Fan it - oars fierder Frysktalich - stedsje Drylts is in koart fragmint oerlevere: "du Geck lijdste dat een ander bij my op bed komt, daerstu selfs bij my leyste om schildwacht te houden." (...) "staet op, du hestet verlooren." (1617). Letter sille dêr de no bekende stedsdialekten út fuort komme (fierderop mear dêr oer).

De ûntjouwing fan It Feen wie as feankoloanje oars as de twa oanbuorjende flekken De Jouwer en De Gordyk dy't har Frysktalige identiteit oant de dei fan hjoed fêstholden en -hâlde. De migraasje en de ynkommen migraasjetaal fan bûten Fryslân hat fan it begjin ôf fan de flekke in stevich stimpel drukt op de taalmienskip. Tagelyk waard dy net-Frysktalige identiteit troch de

hannel hielt yd befêstige. It wie [in flekke mei in Waach](#) (sûnt 1633) en in dynamysk sintrum dat ek regelmjittige kontakten mei oare Nederdútsktalige hannelsplakken as Ljouwert, Snits, Amsterdam en Grins ûnderhold.



Yn de atlas fan Schotanus út 1664 is it belang fan it Feen ûnder oaren ôf te sjen oan de states fan de adel dy't goed oanjûn wurde. Tagelyk bleau it plak oant de ein fan de santjinde iuw noch in langrutsen stripe by de trije wetters del.



Op in kaartsje fan 1788 binne Nijehaske (linksûnder: 80 ynw.), Aengwirden (linksboppe: 70 ynw.) en de bebouwing om de Dracht hinne (rjochtsboppe: 260 ynw.) te sjen. Dat rjochter ein yn de gritenij Skoatterlân makket lang om let de flekke It Feen út, mar it bleau noch in lyts stipke op de kaart fan Fryslân. It soe dus mei-inoar om sa'n 400 huzen gean.

Moderne tiidrek: profilearring fan plak en syn taal

Op in kaart fan 1841 stiet it doarp net mear as in stip, mar as in flek op de kaart. Dat is ek oan de fierder útwreide bebouwing te sjen.



It Hearrenfean út 1830, sjoen yn súdlike rjochting mei Crackstate op de foargrûn en de Dracht dêrachter (Makette yn Museum Heerenveen).

It plak is no breder wurden as de lintbebouwing yn de foargeande iuw. It begjint net allinnich oan ynwenneroantal boppe de omlizzende doarpen en flekken út te groeien, want Heerenveen lûkt no ek nije funkjes oan. Sûnt 1811 is it ien fan de trije arrondissimintsrechtbanken fan Fryslân wurden (it rôze gebiet).



Yn 1828 waard it boppedat ek nochris it haadplak fan de gritenij Skoatterlân (oan dan ta wie dat Aldskoat). Jan Jelles Hof skriuwt dêr letter yn syn *Friesche dialectgeographie* (1933: 6) koart wat oer:

Het dorp Heerenveen. (...) in dit door de vervening ontstane en zich sneluitbreidende gebuurte (vestigden zich) vele kooplieden uit de Friesche steden (...). Voorts werd het centrum en de hoofdplaats van de gemeenten en Aengwirden, hetgeen reeds aan de plaats iets ambtelijks gaf. Door de vestiging van een arrondissementsrechtbank, een kantongerecht, belastingkantoren nam dit ambtelijk karakter toe, en een en ander heeft er toe geleid dat Heerenveen in den loop der vorige eeuw vrijwel voor het Fries verloren gegaan is. De taal die er gesproken wordt, heeft heel veel van die der ontfrieschte steden, doch een minder eigen karakter; 't is meer "Hollandsch [=Nederlânsk] met een Frieschen mond gesproken". De reden hiervan is ongetwijfeld het latere ontstaan, waardoor de op school geleerde en door lezen onderhouden algemeene rijkstaal meer meewerkte aan de vorming.'

Dat 'sneluitbreidende gebuurte' komt werom yn de hurd oprinnende ynwenneroantallen. Nei't It Feen yn 1811-1816 mei Nijehaske, Terbant en Skoat in *mairie* (Frânske tiid) foarme, hie it sa'n twatûzen ynwenners, Yn 1840 ferdûbele dat tal ta 4.000 en yn 1900 ta 6.300. Hof giet by syn beskriuwing sa't it liket noch út fan in fan oarsprong Frysktalich plak dat doe pas yn dy noggentjinde iuw by dy útwreiding ûntfryske en late ta in lichtere fariant fan it Stedsk, in Nederlânsk dat justjes troch it Frysk beynfloede waard. It soe troch dat 'latere ontstaan' makliker yn it Nederlânsk opgongen wêze.

Dy dizzenige identiteit fan dat Nederlânsk mei Frysk aksint ('met een Frieschen mond') spilet it Feensters noch hiel lang parten. Winkler naam it yn 1874 net yn syn [Algemeen Nederduitsch en Friesch Dialecticon](#) op, in grutskalich dialektûndersyk dat allerhanne dialekten yn kaart brocht troch in oersetting fan de bibleeske gelikenis fan 'De ferlerne soan' (Lukas 15: 11-32). Nei oanlieding fan de dêrneifolgjende enkête fan it Aardrijkskundig Genootschap fan 1879 lûkt de


nearlandist Te Winkel de konklúzje dat de taal dêre ‘in groote mate het Nederlandsch (nadert)’. By it feest fan 1898 ta eare fan de troanbestiging fan keningin Wilhelmina is de grutskens op it eigen plak aardich grut. Der wurdt by it [Programma fan feestlikheden](#) referearre oan it eigen ferline. It liet Nieu Liedeken is yn de trant fan de loffers en út dy iuw lykas Starrter syn '[Nieu liedeken tot lof van Vrieslandt](#)' (1621).

Nieu Liedeken

van de veenwerckers, omstreeks den jare 1620 gecomen uyt de Ommelanden, 't lantschap Drenth ende het Oversticht naer de pleck, daer nu 't Heerenveen leyt ende van de gildemeesteren ende handwercksluyden, hebbende bijgedraghen tot de Stichtinghe deser plaetse.

5. **W**aer uw streven, onbekeven,
Cuyk en Foeits en Decama,
Riep de nijverheit ten leven,
Rijs' door ons een dorpcken drae!
Laeter groot, in d' aenvang cleen,)
't Heerenveen, 't Heerenveen.) *bis.*
6. **V**reé daer woone; d'uytkomst loone
Al ons moeyte! Dan, wie weet
Of het niet, der dorpen crooné,
Eens „die Vriesche Haghe” heet?
Bloey en groey door d'eeuwen heen)
't Heerenveen, 't Heerenveen!) *bis.*

By al dy grutskens op de aktive ekspânsje fan it ‘cleen dorpcken’ liket der gjin binning mei de eigen sprutsen taal te bestean; der waard weromgrepen op de Nederdútske skriuwtaal (mei stavering) út de iermoderne tiid, net op de sprektaal.



It sintrum fan It Hearrenfean yn 1921, sjoen yn eastlike rjochting; links Crackstate en rjochts de Dracht mei dêr tuskenyn de Hearresleat mei de bocht nei de Skoatterlânske Kompanjonsfeart/Lindegracht (H.A. Woldering, LoftfotoIt Hearrenfean, kolleksje Museum Heerenveen MH1621.jpg)

De ‘bloey en groey’ set yn de tweintichste iuw troch mei yn 1940 12.000, yn 1975 23.000, yn 2000 28.000 en yn 2025 31000 ynwenners. Yn it ynterbellum bliuwt dy dizigens wat de taalnamme oangiet wat folget út in nijsgjirrige bydrage út ûnferwachte hoeke. De romanskriuwster Cissy van Marxveldt, pseudonym fan Sietske de Haan (Oranjewâld 1889- Bussum 1949) hat fragminten fan it dialekt op it Feen yn guon fan har boeken opnommen (kursivearring fan my):

Hij zal wel zo temet [daliks] komme.’ Sjoukje, die ook in het dorp geboren was, trachtte altijd *naar een stedse spraak*, maar verviel, als ze kwaadaardig was, ongemerkt weer in het dialect, dat toch ook *geen Fries* was. *De enige weg* (1936: 40)

Net allinnich mei de neutrale omskriuwing ‘stedse spraak’ en de op negaasje basearre omskriuwing dat it *net* Frysk is. Ek noch twa oare boarnen foar en yn de oarloch jouwe net folle sjoege. De frisis Fokkema ferlike yn syn *Stadsfries* (1937) de taal fan Ljouwert mei dy fan de Fryske stêden, It Amelân en It Bilt: ‘op Heerenveen en Kollum na, de andere ontfrieste plaatsen in Friesland. In het kleine Stavoren was heel moeilijk iemand te vinden, die het Stadsfries sprak: de taal was er of Nederlands, of Fries. Hetzelfde geldt van Heerenveen (s.3). Yn de bibel fan de Nederlânske dialekten yn Fryslân *Avondrood* (1944) troch Burger wurdt by IX. *Heerenveen* (s.250) koart it minder dúdlike karakter fan it Feensters befêstige, mar ek it resinte ûntstean derfan: ‘Inderdaad is de ontfriesing van Heerenveen een proces uit de laatste tachtig jaar.’ [twadde helte 19^{de} iuw]. As lêste hallet Burger noch in sekere Kramer oan dy’t him trochdie dat

het dialekt (hem) wonderlijk in de oren klinkt: “Het is een mengelmoes van de Hollandsche (eerst vooral Utrechtse [Burger liket hjir te ferwizen nei de twa leden fan de kompanjy Van Cuijk en Foeyt, dy’t oars festige bleaunen yn Utert] bovenlaag, de Gietersche en andere inwoners van Noord-Overijssel (...).”

Terjochte einiget Burger mei ‘Wetenschappelijk bestudeerd is het dialekt nog niet.’

Taalsosjolooch Krine Boelens jout de earste atestaasje fan de namme mei de omskriuwing ‘Hearrenfeansters’ yn 1950. By de earste grutte Fryske taalsojologyske taalenkête *De taal fan het schoolkind in Friesland*, moast dyselde Boelens lykwols konstatearje dat ‘de situatie om het dorp Heerenveen de toestand erg onoverzichtelijk (is). Het Stadsfries of “Veensters” en het min of meer A.B. Nederlands lijken hier en daar zoveel op elkaar, dat ze voor onderwijzers moeilijk te onderscheiden zijn.’ (1956: 82). It is sa’n bytsje deselde omskriuwing as Boelens, en Van der Woude yn de *Dialect-atlas van Friesland* yn de Reeks Nederlandse dialectatlassen jouwe: ‘In Heerenveen is de taaltoestand zeer onoverzichtelijk.’ Mei alle foarsichtigens rûze se dat ‘de huiselijke omgangstaal zou dan voor ongeveer 75% der bevolking het Feensters (een stadsfries dialect) zijn, (...). (1955: 340)

Nei dy nammejouwing yn de jierren fyftich dûkt de namme faker op, it meast prominint yn it boekje fan Willem Winters *Ut Feensters* yn 2006.

Konklúzje oer de skiednis en it soarte Stedsk

Ut de beskriuwing fan de histoaryske ûntjouwing fan de flekke It Hearrenfean komt nei foaren dat it in *slow start* hân hat dat it pas yn 1595 op de kaart ferskynde. Yn de iuwen dêrnei kaam der troch ymport fan bûten Fryslân en nei alle gedachten ek fan de Fryske stêden in *boomtown* mei in grutte ekonomyske en bestjoerlike aktiviteiten ta stân. Mei de namme ‘Friesch Haagje’ waard dat belang ek profilearre, en die dat ek mei it algemiene Nederlânsk. It profyl fan it eigen dialekt fan Nederdútske oarsprong bleau lykas it plak sels in *Unvolendete*, de namme ‘Feensters’ dûkt pas nei de twadde wrâldoarloch yn de boeken op, mar krijt dan noch hieltyd net de status fan it susterdialekt Stedsk fan de Fryske stêden takend en wurdt yn dizze kolum ek as ‘Stedsk light’ kategorisearre.

Yndruk fan it Fryske Nederdútsk yn de achtjinde iuw

Hjirfoar is al koart oer it Feensters opmurken dat de migraasje en de ynkommen migraasjetaal fan bûten Fryslân fan it begjin ôf oan in stevich stimpel drukt hawwe op de taalmienskip fan de flekke. Oannommen is dat dat it dialektale Nederdútsk fan dy tiid wie, dat ek yn de Fryske stêden en yn de hegere rûnten fan Fryslân praat waard. Op grûn fan wat der yn it Stedsk fan Ljouwert yn de twadde helte fan de achttjinde iuw oantroffen is by bygelyks Anne Jeltema syn *Vermaak der Slagterij*, is in yndruk te krijen wat der yn dy tiid ek op It Feen oanwêzich wêze moatten hat. Ditsoarte taalgebrûk is ek yn de oare gruttere Fryske stêden werom te finen (Sjoch skema 1).

Skema 1. Typearjende (by)lûden fan it Fryske Nederdútsk	
(by)lûd	foarbylden
<ú>	‘stuver’, ‘buten’, ‘wude’
<i/y>	‘wize’, ‘tiden’, ‘myn’, ‘lyk’
<eu>	‘speule’, ‘teugen’ en ‘seumer’;
<ea>	‘keerzen’, ‘deen’, kees
<u>	‘sundag’, ‘sukke’, ‘mutte’ en ‘wurde’
<ie>	gien’, ‘allienig’ en ‘twie’
<ië, oë>	‘siën’, ‘doën’,
<o>	Docht, hê docht
<kk, mm>	‘dakken’, ‘kwammen’
<-ers>	‘kynders’, ‘eiers’
<-ke>	‘Meiske’, ‘húske’
<tsje>	
<-n>	(ik/jou) ‘gaan’, ‘doen’, ‘sien’
<-st>	(dou) ‘hest’, ‘bist’, ‘wúst’
<-e>	(jou) hewwe, binne, wuden
<0 >	(ik hê/bin) et ‘seid’, ‘weest’ en (wij) ‘love’

Fansels binne der yn dy iuwen ek guon wurden út it Frysk ynslûpt: wurden as ‘jimme’ en de sinsfolchoarder (hy het et) ‘falle laten’ en de ‘hurde g’ [g]. (sjoch foar in algemien oersjoch fan de Fryske dialekten Pieter Duijff).

Wat is der fan dat Iermoderne Nederdútsk letter yn it dialekt fan it Feen werom te finen? Pas yn it lêste fearn fan de njoggentinde iuw binne der troch in grutte lanlike dialektenkête fan it Aardrijkskundig Genootschap (1879) taalkundige data beskikber. Hûndert sinnen binne troch twa Feensters oerset en dêr kamen grutte oerienkomsten mei it oare Stedsk út (Sjoch skema 2).

Skema 2. Typearjende (by)lûden fan it Feensters	
(by)lûd	foarbylden
<ú>	hús, mús, krús, slús, ruke, struken, druvn, buten, buge
<i/y>	syn, wyn, kyk, ryk, blydschap, fine, betiid
<eu>	seun, neuten, feul, seuen, teugen, keuning
<ea>	kee(r)s, pee(r)d, hee(r)d, beer)d, kees
<u>	sundag, mot
<ie>	steen
<ië, oë>	doën
<o>	docht
<kk, mm, ensfh.>	Bladden, zaggen
<-ers>	eiers
<-ke>	Glaske, korfke, foske
<tsje>	Potsje, pantsje, gatsje, mondsje, handsje, foetsje
<-n>	ik gaan
<-st>	0
<-e>	Jou wete
<0 >	ik he et seid, ik bin weest, ik hê leefd en (wij) gelove

Fierder binne noch in pear losse wurden bekend fan it Fryske Nederdútsk as kynders, meiske en o(r)ten yn de enkête oantroffen. Echte frisismen lykas *jimme* komme inkeld foar of it moat op it fonetyske flak wêze mei it stommeitsjen fan de [r] yn wurden as pee(r)d en de diftonggearing yn

wurden as ‘doën’ wêze. De enkête hat net nei wurdfolchoarders as ‘falle laten’ frege. As men op de folsleine list fan dy enkête ôfgean mei, dan is der - útsein it ûntbrekken fan <ie> yn steen (wat oars ek al yn de stedsdialekten geande wie yn dy tiid) ‘neat mis mei’ it Feensters wat de taalkundige kant fan it Feensters oangiet; it soe likegoed Snekers of Leewarders wêze kinne, mar nêst de neamde foarmen steane der ek wurden yn as hebbe, motte (gjin mutte), dêr wykt it ôf fan de oare Nederdútske dialekten.

De lêste grutte dialektenkête fan Boelens en Vander Woude yn 1955, mear as 75 letter, befêstigje de útkomsten fan skema 2. Sels de <eu>- (seun, neuten) en <ee>-lûden (wee(r)d, hee(r)d) en ‘ik loof binne oanwêzich, yn oare dialekten yn de stêd binne dy sels al oan it útfallen. Tagelyk binne der ek Nederlânskere foarmen as dacht (foar docht), bloemen (foar blommen), bringe (foar bringe), waard (foar weerd), staart (foar steert), *** De frekwinsje fan de ferskillende foarmen yn it gebrûk stiet der net by, dêr soe mooglik ek in ferklearring fan it Stedsk light yn sitte kinne. By de beskriuwing fan de dialektkaarten dy’t letter by dizze enkête makke is, wurdt opmurken: ‘In Heerenveen nadert de taal in groote mate het Nederlandsch; (...).’ Dat soe in foarsichtige oanwizing yn de rjochting fan fariabel brûken fan dialektismen wêze kinne. Wy sjogge earst nei de sosjolingwistyske teory hjiroer.

Teory William Labov (1927-2024) oer taalfariaasje


William Labov hat yn de jierren sechtich fan de foarige iuw mei fernijend ûndersyk wiisd op de fariabiliteit yn taalgebrûk; dialektale foarmen wurde net hieltyd konsekwint brûkt yn sprektaal, mar ôfwiksele mei standertfoarmen. Hy lei dat fêst yn de saneamde fariabele regel, sintraal yn de sosjolingwistyk. Foar it Feensters soe dat ynhâlde dat der in kontinuüm bestiet tusken it dialekt en it Nederlânsk dêr’t de Feenster op hinne en wer skowe kin; soms hiel frekwint mei Feenster foarmen, dan wer hielendal sûnder.

Skema 3. De fariabele regel foar de steddialekten yn Fryslân


<(kontinuüm)..... > ôfwikseling			
<eu> (‘speule’)	<.....>	<eu>	en <ee> <.....> <ee> (‘spele’)
<u> (‘wurst’)	<.....>	<u>	en <o> <.....> <ò> (‘worst’)
<ee> (‘kees’)	<.....>	<ee>	en <aa> <.....> <aa> (‘kaas’)
<ea> (‘peard’)	<.....>	<ea>	en <aa> <.....> <aa> (‘paard’)
<oë> (‘doën’)	<.....>	<oë>	en <oe> <.....> <oe> (‘doen’)
<ie> (‘sien’)	<.....>	<ie>	en <y> <.....> <y> (‘syn’)
<oa> (‘groat’)	<.....>	<oa>	en <oo> <.....> <oo> (‘groot’)
‘súden’	<.....>	‘súden’	en ‘souden’ <.....> ‘souden’
‘wúden’	<.....>	‘wúden’	en ‘wouden’ <.....> ‘wouden’
‘salle’	<.....>	‘salle’	en ‘sulle’ <.....> ‘sulle’
‘kanne’	<.....>	‘kanne’	en ‘kenne’/‘kun-’ ‘ken-’/‘kunne’
‘brocht’	<.....>	‘brocht’	en ‘bracht’ <.....> ‘bracht’
‘docht’	<.....>	‘docht’	en ‘dacht’ <.....> ‘dacht’
<0> (‘beurd’)	<.....>	<0>	en <ge-> <..> <ge-> (‘gebeurd’)
<y> (‘myn’)	<.....>	<y>	en <ij> <.....> <ij> (‘mijn’)
<ú> (‘hús’)	<.....>	<ú>	en <ui> <.....> <ui> (‘huis’)
<g-> (‘gane’)	<.....>	<g->	en <ch-> <.....> <ch-> (‘gaan’)

Dat dit ek foar it Feensters opgiet, kin mei in pear sitaten út it boek fan Cissy van Marxveldt *De enige weg* mei sitaten yllustrearre wurde. “Wat *seg je* daarvan Klaas? Daar *hê je* Puck. Ik *hê je* wel kuiren *sien, kien*. (...) ‘dat *hê je* mar goed *daan, kien*.’ [s.115]. Yn *hê je* en *seg je* wurdt de persoansfoarm en it ûnderwerp hjir ek ôfwiksele mei it Stedskere *je komme, hewwe jou, segge jou* en *jou krije* [s.116-117] *Sien* en *kien* sille wol as in monoftong útsprutsen wêze en *daan* is Nederlânsker as it Stedske *deen*. Ek al binne it mar in pear tafallige sitaten, dochs jouwe dy nei alle gedachten in moaie blik op de werklikheid fan dy tiid. It liket wol op de omskriuwing fan Hof syn ‘Hollandsch in Friesche mond’.

Achterlizzende sosjale driuw is it stribjen fan de Feensterpraters om it Nederlânsk mei it hegere prestiizje te praten. Dat stribjen leit in druk op de dialektfoarmen dy’t stadichoan fuortdrukt wurde. It is te ferlykjen mei in cafétiere dêr’t it kofjegrom stadichoan nei ûnderen treaun wurdt. It Nederlânsk bliuwt as ‘suvere kofje’ (++++) oer, de dialektfoarmen sakje sosjaal ôf (----) en fertinje (--+ -).



In dialektfoarm ferdwynt net fan de iene op de oare dei. Winkler tocht yn 1867 dat it Leewarders oer hûndert jier wei wêze soe... De saneamde S-kurve fan *** jout it ferdwinen fan in bepaald lûd yn ferkate wurden skematysk oan (sjoch skema 4).



In lûdferoaring lykas fan <ee> -> <aa> manifestearret him earst stadich yn in pear wurden, wêrby’t wurden mei in fariabele regel ôfwikseljend brûkt wurde (‘leksiale diffúsje’). In hypotetysk foarbyld: ‘eerde’ -> ‘aarde’. As dy fariaasje him stevich ferankeret, geane mear wurden yn ferhege tempo mei yn de feroaring: neerstig > naarstig, peerd > paard, keers > kaars, lanteerne, lantaarne, enz. Op ‘e

ein fan it proses bliuwe noch in pear wurden oer dy't lang om let meigeane, mar mooglik ek oerbliuwe, saneamde relikten: Wie het kleine niet eert, is het grote niet weerd.

Mei dit stadige proses yn de achterholle binne útspraken oer it Feensters ek better te pleatsen. Yn de bibel fan de Nederlânske dialekten yn Fryslân *Avondrood* (1944) troch Burger wurdt by IX. *Heerenveen* (s.250): 'Inderdaad is de ontfriesing van Heerenveen een proces uit de laatste tachtig jaar.' [twadde helte 19^{de} iuw]. As lêste hellet Burger noch in sekere Kramer oan dy't him trochdie dat

het dialekt (hem) wonderlijk in de oren klinkt: "Het is een mengelmoes van de Hollandsche (eerst vooral Utrechtse [Burger liket hjir te ferwizen nei de twa leden fan de kompanjy Van Cuijk en Foeyt, dy't oars festige bleaunen yn Utert] bovenlaag, de Gietersche en andere inwoners van Noord-Overijssel (...)."

Ofsluting

It Feensters liket in stille dea te stjerren as regiolekt foardat it echt ta in sosjaal folwoeksen identiteit kommen koe. By it yntypen fan 'Feensters' op google sykjen kom ik út by 'Vensters'. Inkeld as ik dat mei it Fryske [Feanstersk](#), en wurdt der noch in fantasyrike oarsprong en beneaming oan dit Nederlânske dialekt jûn.

It Feanstersk (Feanstersk: Feensters) is in dialekt fan it Stedsk dat foarhinne op It Hearrenfean sprutsen waard. Dizze taalfoarm ûntstie oarspronklik yn 'e rin fan 'e achttjinde iuw om It Oranjewâld hinne, dêr't de Fryske steedhâlders in bûtenpleats ûnderholden. Mei't Oranjewâld sadwaande ek wol "it Fryske Haachje" neamd waard, stie it Feanstersk lang bekend as "Haachjefrysk" of "Haachjesfrysk".

Feanstersk	
algemien	
oare namme(n)	Haachjefrysk
eigen namme	<i>Feensters</i>
lânseigen yn	 Nederlân
tal sprekkers	– († 20e iuw)
skrift	Latynsk alfabet
taalbesibskip	
taalfamylje	<ul style="list-style-type: none"> • Yndo-Jeropeesk • Germaansk • Westgermaansk • Súdwestgermaansk • Nederfr.- Nedersaks. <ul style="list-style-type: none"> • Nederfrankysk • Nederlânsk • Hollânsk • Hollânsk- Frysk <ul style="list-style-type: none"> • Stedsk • Feanstersk
dialekten	gjint
taalstatus	
offisjele status	n.f.t. (útstoarn)
erkenning as minderheidstaal	n.f.t. (útstoarn)

Omskriuwing op Wikipedia (juny 2025)

It komôf fan de bynamme foar it plak wurdt hjir wûnderlik ferwiksele mei dy foar de taal. Noch in twadde sitaat fan wikipedia:

Oer it hjoeddeiske sprekkerstal binne gjin sifers bekend, mar neffens alle wierskyn wurdt it net mear aktyf brûkt. Wol liket der op 't heden in regiolekt fan it Nederlânsk mei wat lokale eleminten op it Hearrenfean yn gebrûk te kommen, mar dat is net it oarspronklike Feanstersk. By in enkête foar de saneamde *Spreektaalatlas* die yn [2023](#) bliken dat krapoan 40% fan 'e ynwenners fan It Hearrenfean "faak" *de moderne Feanster sprektaal* brûkt. (lêste kursivearring fan my)

Dat, op it webstek [Feanstersk](#) wurdt it dialekt net inkeld as útstoarn ferklearre, mar krijt ek nochris ynwreaun dat it net in selstannich dialekt wie mar in mingtaal fan it Frysk! It soe him yn syn grêf omdraaie.

Noaten

*Mei tank oan Dick Bunskoeke en Klaas Peereboom, twa (âld-)Feensters dy't my mei ynformaasje oer de histoaryske kontekst skewield hawwe.

**Earder ferskynd as artikel 'Hoe stiet it mei it Feensters' yn *Hjir* 6 fan 2005: 38-45. Sjoch ek Winters syn *Waar blijft de tijd 17 Taal. 500 jaar Limvadden*, Waanders 2005. [Temanûmer yn searje oer Ljouwert yn 20 dielen]

***Yn 2026 is it presys 475 jier lyn dat de akte *fan de kompanjy* tekene waard. Oanlieding foar in feestje?

****Op de kaart fan Jacob van Deventer (1500/05-1575) út 1559 stiet al *Die Fenen* yn in fan de plaknammen ôfwikend lettertype. De plaknamme hat er op syn kaarten net brûkt.

Biografy

Boelens, K. en Van der Woude, G. (1955). *Dialect-atlas van Friesland (Nederlandse en Friese dialecten)*.

De Reeks Nederlandse Dialectatlassen en het Fries, nr. 15. Antwerpen.

Chen, M. (1972). 'The Time Dimension: Contribution toward a Theory of Sound Change.'

Yn: *Foundations of Language* 8, 4,: 457-498.

Duijff, P. (1998). *Wurdlisten fan 'e Fryske stedsdialekten*. Ljouwert.

Jeltema, A. (1823). *Het Vermaak der Slagterij*. Leeuwarden.

Jonkman, R.J. en Versloot, A. P. (2025). *Het Friese 'Nederduits'*. Afûk.

Kern, H. (1879). *Enquête van het Aardrijkskundig Genootschap van Nederland*.